



EN NO DER ÚT!

(En nu d'r uit!)

Klucht yn trije bedriuwen

fan

ASTRID BAIJS en JAN TOL

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **EN NO DER ÚT! – EN NU D'R UIT!** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ASTRID BAIJS en JAN TOL** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2015 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

HELENE MULDER, eigeneresse fan de filla, sawat 65 jier

PATRICK MULDER, soan fan Helene, sawat 40 jier

LISETTE MULDER – DE BOER, frou fan Patrick, sawat 40 jier

BERDINA JACOBS, 'freondinne' fan Helene, 45-65 jier

JORIKE MEULEMANS, sekretaresse fan Patrick, 20-30 jier

LAURA OF LAURENS BUITENBEEN, help fan Berdina, 20-30 jier

CHRIS DUJARDANNE, krimineel, 40-55 jier

SONJA DUJARDANNE, frou fan Chris, 40-55 jier


JUUL DONDERS, gast, 35-45 jier

EMALDA STAKKERS, freondinne fan Juul, 35-45 jier

De leeftiden fan de spilers binne in yndikaasje, se kinne ek jonger of âlder wêze. It giet der it meast om hoe âld at deselden binne dy't Patrick en Lisette spylje sille. De rol fan Laura kin mei in pear lytse oanpassingen ek troch in man spile wurde.

DEKOR:

De sitkeamer fan de filla fan Helene Mulder. Yn de linkerwand sit in doar fan in grutte kast. Yn de achterwand is in iepening nei de hal en in soad oare fertrekken. De doar yn de rjochterwand giet nei de keuken. Links, neist de iepening nei de hal sit in rút. Rjochts of links dêrfan stiet in kast of dressoir. Fierder bestiet it meubilêr út minimaal in sitbank, met links en/of rjochts dêrfan ien of twa fauteuils. Foar de bank stiet in salontafeltsje en op in lyts tafeltsje neist de bank stiet in telefoantastel. Fierdere ynrjochting nei eigen keuze en mooglikheden, hâld it in elk gefal in bytsje klassyk.



EARSTE BEDRIUW

(der is gjinien op it toaniel. Nei in skoftke komt Berdina op troch de hal. Se komt hiel joviaal oer, is útwrydsk yn de klean en in hiel drok typke. Se is bot oertsjûge fan har eigen kinnen op it gebiet fan genêzingen en se hat Helene aardich ûnder kontrôle. Se hat in grutte tas by har mei alderhanne salfkes en pillen en oare dat soarte fan produkten. Yn de iene hân hat se in steapel brieven. Se sjocht even oft Helene ek yn de buert is, dan giet se op de bank sitten, sjocht noch in kear goed om har hinne en sjocht dan de steapel brieven troch. Ien fan de brieven hat har oandacht. It is in brief fan in reisburo. Se sjocht nochris oft Helene net yn de buert is en makket dan de brief iepen)

BERDINA: *(lêst)* Ha, ha! Dit is dus de bewuste brief fan Helene har reis nei Australië... Wat?!... Foar in hiel jier?!... *(gnyskjend)* Dêr sil ik dus moai fan profitearje! Allinne moat ik der fansels wol foar soargje, dat Helene neat yn de gaten hat. *(dan komt Helene op út de hal. Se sjocht der kreas út, sawol fan uterlik as fan klaaiing. Nettsjinsteande dat se fan goede komôf is, is Helene hiel gewoan bleaun)*

HELENE: Hee, Berdina. Ik ha dy der net ynkommen sjoen.

BERDINA: *(skrikt, draait har in bytsje om, docht de brief gau wer yn it kefert, sûnder dat Helene dit sjen kin. Dan stoppet se de brief tusken de oare post en docht as is der neat oan de hân)* O, eh... Hallo, leave Helene. Alles goed mei dy?

HELENE: Prima. Tanke, Berdina. *(se giet neist har op de bank sitten)* Gesellich datst der wer bist.

BERDINA: Ja, gesellich... Do sjochst der wer strieljend út, leave. *(jout Helene de post)* Ik hie de post foar dy meinommen.

HELENE: Tanke. *(se sjocht de post troch, sjocht dat ien fan de brieven iepen is)* No ja sis! Dizze brief is al iepen.

BERDINA: *(sjocht, hiel ûnskuldich)* Earlik? It is doch wat leave skat. Je kinne sels de postrinders net mear fertrouwe! *(dan in bytsje geheimsinnich)* Mar... neffens my stiet der hiel goed nijs yn dy brief.

HELENE: Hoe witsto dat no? *(leit de oare brieven op tafel)* Wachtsje es! Hasto dy brief soms iepen makke?

BERDINA: *(misledige)* Hoe doarst dat no te sizzen fan dyn bêste freondinne? *(giet liik oerein, dan oerdreaun grutsk)* It is myn ynderlike talint, dat witst ommers wol? Ik kin foarsizze wat der yn de takomst gebeure sil. Net dat ik dêr mei te keap rin, hear.

HELENE: *(laket)* Fansels net, Berdina. Allinne wit de heale weareld

it al. Mar atst alles al witst, watfoar goed nijs soe ik dan krigen ha?
BERDINA: Eh... No... eh... (*dan mei oertsjûging*) Nee, ik wol dyn wille net bedjerre, leave skat.

HELENE: (*laket, skoddet de holle*) Do witst it gewoan net.

BERDINA: Fansels wit ik it wol! Mar it is doch gewoan folle leuker atst it sels lêst.

HELENE: (*laket noch*) Goed dan. (*hellet de brief út it kefert, lêst even*) O, geweldich. De befêstiging fan myn reis nije wike nei Australië.

BERDINA: (*sjocht ferwaand om har hinne*) No? Goed nijs of net? Krekt wat ik dy sein hie!

HELENE: (*sjocht har freegjend oan*) Ja, ja... Hoe dan ek, myn suster sjocht der nei út dat ik tolve moanne by har kom.

BERDINA: (*skrikt*) Wat seist? Tolve moanne?! Dat stiet net yn dy brief... eh... dat hast my noait sein! (*besiket de brief mei te lêzen*)

HELENE: (*in bytsje spottend*) No, Berdina doch. Hasto dat net trochkrigen fan de hegere machten?

BERDINA: (*in bytsje misledige*) Echt wol. Mar ik hie trochkrigen dat it foar in jier wie.

HELENE: Goh! En hoelang is tolve moanne dan?

BERDINA: Hin? (*tinkt even nei*) O ja... No ja, do fersinst dy ek wol es, Helene. Mar is it echt wier datst nije wike al giest?

HELENE: Ja, fansels. Hoe dat sa?

BERDINA: Eh... no ja... Ik tocht, dat we earst noch tegearre op fakânsje soene.

HELENE: Dan silst foar dizze kear in oaren freegje moatte.

BERDINA: En wa sil dat betelje?

HELENE: No, do fansels... O wachtsje, ik begryp wêr'tst hinne wolst. Oars betelje ik de fakânsjes altyd foar ús beide. Spitich, we slaan in jier oer.

BERDINA: (*stumet*) Leuk hear.

HELENE: No ja sis! It liket der wol op datst it my misgunst om nei myn suster te gean.

BERDINA: Ik misgun it dy wier net, hear. Mar foar in hiel jier! (*dan fleurich, giet neist Helene sitten*) Hee, kin ik net mei nei Australië?

HELENE: Nei myn suster?! Ik tink dat se it leuker fynt at ik allinne kom.

BERDINA: O... Mar it is doch folle better dat ik meigean?

HELENE: Wêrom dat?

BERDINA: No... hielendal allinne nei Australië. Witst eins wol hoe fier 't dat is?

HELENE: (*laket*) Fansels wol, mar ik gean net rinnende.

BERDINA: Dat is flau, Helene. It giet derom datsto gjin wurd Ingelsk

praatst.

HELENE: Dat falt ta hear. Soesto it better kinne?

BERDINA: Echt wol! Wat wolst fan my yn it Ingelsk hearre?

HELENE: (*tinkt even nei*) Sis do es: Hoe giet it mei jo?

BERDINA: (*hiel gewichtich*) Makje! Dat is eh... eh... Dat is: Houw douwe jouw douwe?

HELENE: Geweldich, Berdina! (*Berdina is grutsk*) Dyn útspraak liket mear op it Grinzers as op it Ingelsk. (*Berdina sjocht lilik*) Ha mar gjin noed. Ik rêd my wol. (*at Berdina somber sjocht*) Kom op, in jier is sa om.

BERDINA: (*nei even*) Bliuwt dizze filla sa lang ûnbewenne? Hast dêr wol es oer neitocht leave skat?

HELENE: O, myn soan hâldt wol in eachje yn 't seil.

BERDINA: Ja, dy komt sa no en dan even del. Mar, at dat dievegilde trochkrijt datsto fuort bist, helje se yn de koartste kearen dyn hiele hûs leech.

HELENE: No ja, dat is grutte ûnsin, Berdina. At wy tegearre trije wike fuort binne, is hjir ek gjinien.

BERDINA: Eh... ja, dat is foar trije wike en net foar in hiel jier. Dat skoarem hat nei in wike as fjouwer pas echt troch datst fuort bist.

HELENE: (*tinkt even nei*) Miskien hast wol gelyk. Witst wat? Ik belje daliks myn soan even. (*pakt de telefoan en bellet*)

BERDINA: (*skrikt, fansiden*) Dat is de bedoeling net! Dat moat ik tsjinhâlde!

HELENE: (*nei even yn de telefoan*) Hallo Patrick, mei mem... Nee, der mankearret my neat. Hoe dat sa?... Kom ik nochal oerémis oer?... Nee, der is wier neat. Ik ha krekt goed nijs en ik wol dy freegje om mei Lisette del te kommen... Ja hear! Dat is Patrick wer. Dy tinkt daliks dat er erve kin. Nee jonge, ik bin noch lang net fan doel om it hoekje om te gean, hear... Dat is fijn. Dus dan bist hjir daliks?... Oant aansen dan. (*leit de telefoan del*)

BERDINA: No, dy is hastich om hjir te kommen!

HELENE: Ja, dan is 't mar regele.

BERDINA: (*tinkt even nei en smyt it oer in oare boech*) Soe it wol ferstannich wêze om him op it hûs passe te litten?

HELENE: Wêrom net?

BERDINA: No.... omdat ik krekt begriep dat er achter dyn erfenis oan sit.

HELENE: Och, wol nee, dat wie mar in grapke.

BERDINA: No... ik wit it net, Helene. Oer in jier komst hjir wer en dan is dyn hiele bankrekken leechhelle troch dyn soan.

HELENE: Wachtsje even Berdina! Ik fyn dy in bêste faam, mar ik wol

net datst sa oer myn soan praatst. Hy sit net op myn jild te wachtsjen. Syn fabryk draait geweldich, it jild komt mei bakken binnen. Ferdoarje, Berdina! Ik fiel my der gewoan beroerd troch, dat myn soan soks dwaan soe.

BERDINA: Sjoch! Dat krige ik fanmoarn al troch, datsto dy beroerd fiele soest.

HELENE: O ja? Doe'tsto fanmoarn noch thús sietst, fiele ik myn poerbêst!

BERDINA: Woesto soms sizze, datst dy no beroerd fielt troch my?

HELENE: Nee fansels net. Mar hoe koesto no witte dat ik my beroerd fiele soe, doe'tsto ferûndersteldest dat myn soan der mei myn jild fan troch gean soe?

BERDINA: *(mei oertsjûging en hiel geheimsinnich)* Sjoch, myn leave Helene. Dat komt troch dat spesjale talint dat ik ha. Der wie wat dat tsjin my sei dat ik daliks nei dy ta moast. Ik bin amper by dy en wat gebeurt der?... No?... Dat it wer útkommen is! En it waard noch fersterke troch dy brief dy't ik dy joech. Doe't ik dy brief oppakte, krige ik ynienen freeslik pineholle.

HELENE: No, yntusken ha ik der ek pineholle fan krigen.

BERDINA: *(giet gau fierder)* Sjochst wol? Soks slacht op de persoan dêr't it om giet. En dêrom ha ik ien fan myn hieljende drankjes foar dy meinommen. *(docht de tas iepen en hellet der ferskate fleskes en potsjes út, sjocht grutsk nei Helene)* Ja, leave Helene. Do sjochst it, ik bin sa as gewoanlik op alles taryeden. *(hâldt de fleskes en potsjes ien foar ien omheech en sjocht op it etiket, skoddet de holle)* Dizze salve fan brannettels soe in treflike keuze wêze kinne, mar it duorret wat lang foar't it ynwurke is. Dus kies ik doch leaver foar de Magnolia-oalje yn kombinaasje mei it sop fan de woartel fan de Karmozyn. Twa kear deis ynnimme en do bist al gau wer de âlde Helene Mulder. *(triuwt Helene it fleske ûnder de noas)*

HELENE: Hâld op! *(pakt it fleske ôf en set it op it taffeltsje)* Bah! Wat stjonkt dat guod! Trouwens, âld bin ik al.

BERDINA: Haha! Foar it âlder wurden ha ik fansels ek wat. *(pakt in oar potsje, lêst it etiket)* Krekt! Dizze moatte we ha.

HELENE: Hâld doch op mei dy ûnsin, Berdina.

BERDINA: Dit is gjin ûnsin, Helene. It is echt om it âlder wurden tsjin te gean. Foar datst op bêd giest it hiele lichem ynsmarre mei it sop fan de Japanske Anemoan, mungen mei yochertsaus en nei trije wike sjochst der jierren jonger út. *(se hellet in finger troch it potsje en smart gau wat salve op de earm fan Helene. It effekt is grutter at se it gesicht fan Helene ynsmarre soe, mar dat kin faaks net fanwege de smink)*

HELENE: Nee! Helje dy troep derôf, Berdina! Dit is suvere kwaksalverij. (*faget mei in doekje of oars wat de salve fan de earm of gesicht*)

BERDINA: (*sawat breinroer*) Dit fyn ik wier net leuk fan dy, Helene. Witst wol dat ik der yn hiel Nederlân en sels yn Europa om bekend stean, dat ik mei myn natuerlike **en** boppe-ierdske krachten **en** selsmakke genêsmiddels deasike minsken better meitsje kin. (*oerein, swaait mei de earmen en docht de eagen ticht*) Myn ynderlike krachten stelle my yn steat om elkenien better te meitsjen.

HELENE: (*hellet de skouders op, tikket op de foarholle en skoddet mei de holle*) Ja, doch dy eagen mar wer iepen. Ik sil dat spul fan dy wol probearje.

BERDINA: (*knypeach nei it publyk*) Dêr dochst hiel goed oan leave skat. Do silst der wier gjin spyt fan krije. (*giet wer neist Helene sitten, dan hiel nochter*) Dat is dan fiif en santich euro foar it drankje en hûndert fiif en tweintich foar it sauske, dat is meielkoar twa hûndert euro.

HELENE: (*skrikt*) Hoefolle seist...?

BERDINA: Twa hûndert euro. Ja, mar fansels allinne foar dy. In oar betellet hjir minstens fjouwer hûndert euro foar. Mar, omdat ik altyd fergees mei dy op fakânsje kin... (*stoppet, skerp*) Behalve dit jier fansels... Krijsto it foar in prikje. Ik hie it dy noch leaver fergees jûn. Mar ja, noch es, no't ik de fakânsje sels betelje moat en ik ek troch de tiid moat, sit dat der even net yn.

HELENE: Sil ik dy es wat sizze, Berdina?

BERDINA: No?

HELENE: Ik fiel my troch dy no noch beroerder as in minút ferlyn.

BERDINA: Nee, dat komt net troch my leave. Dat komt omdatst dat spul noch net ynnommen hast. Eh... Soe it dy skikke om it daliks ôf te rekkenjen?

HELENE: (*in bytsje lilik*) No giest te fier, hear!

BERDINA: Sorry, leave Helene. Mar ik ha 't ek net maklik. (*at se sjocht dat Helene no echt lilik is*) Och, betelje it dan ek mar letter. (*wer skerp*) Atst it mar wol dochst foar datst nei Australië giest! (*fleurich*) Litte we dêr dan mar in sjerrytsje op nimme. (*se rint nei it dressoir om de sjerryflesse te pakken*)

HELENE: (*lilk*) Ik wol net ha datsto samar yn myn kasten dûkst, Berdina.

BERDINA: (*skerp*) Dat meist dan aansen ek wol tsjin dyn soan sizze, atst teminsten wolst dat hy op it hûs past.

HELENE: Berdina!

BERDINA: Sorry, sorry, sorry myn leave Helene. (*nettsjinsteande har saneamde ekskús hat se yntusken wol de flesse en twa glêzen pakt, se hâldt de flesse omheech*) No, dêr sit ek net folle mear yn! Atst my no even jild joust, dan helje ik sadaliks wol even in pear nije flessen. (*se giet sitten en skinkt ien glês yn*)

HELENE: Der wurdt hjir neat mear helle, Berdina. En begjin der alfêst mar oan te wennen, want it earstkommende jier silst alles sels keapje moatte.

BERDINA: (*drinkt it glês gau leech en skinkt daliks wer by, pakt dan it potsje salve en it fleske fan tafel en docht dat yn har tas*) Ja, earst mar es oer de brêge komme mei dat jild! Ik krij it ek net fergees. (*drinkt gau it twadde glês leech, dan begrutlik*) Ik wit wier net hoe't ik it kommende jier trochkomme moat.

HELENE: (*suchtet*) Goed. Lit dat guod hjir mar. Do krijst sa it jild fan my.

BERDINA: No, myn leave Helene doch! (*jout har in tút, gnysket, set dan gau it fleske en de salve wer op tafel del, flaaiket*) Wat bist doch ek in leaf minske, skat.

HELENE: Jaja. En dan foarearst even neat mear, hear. Ik moat wol in bytsje kalm oan mei de sinten.

BERDINA: (*skerp*) Ja... der moat fansels noch wol wat foar de soan oerbliuwe, netwier?

HELENE: Begjinst no wer, Berdina?

BERDINA: Wie in grapke, Helene. Do kenst my doch? Leau my, it komt allegear goed, sa lang atsto mar nei myn wize wurden harkest.

HELENE: Is dat wer in nije foarsizzing fan dy? Hoe sjocht myn takomst der eins út?

BERDINA: Ja... eh... ja... Dat kin ik dy net samar fan it iene op it oare momint sizze. Dêrfoar moat ik earst yn trance. (*se giet stean en docht de eagen ticht, de earmen gean betsjoenend omheech*)

HELENE: (*laket wat*) Wat spoekest no wer allegear út, Berdina?

BERDINA: Ssutt! Helje my net út de konsintraasje, Helene. (*betsjoenend fierder, se lit in ientoanich lûd hearre*) Mmmmmmm. Mmmmmmm. (*no en dan docht se de eagen even iepen om te sjen hoe't Helene reagearret*)

HELENE: (*hat de gek der mei*) Slagget it al? Hast al kontakt mei de geasten? Ik hear allinne mar brommen.

BERDINA: (*hâldt daliks op en is lilik*) Doch ik myn uterste bêst foar dy en it ienige datsto betinke kinst is my de gek oanstekke.

HELENE: It is ek sa komysk watsto dochst. Hâld der ek mar mei op. Ik soargje sels wol foar myn takomst. Earst hearlik nei Australië.

BERDINA: *(nei even, fansiden, mei in slûchslimme laits)* Sa gau atsto fuort bist, sil ik hjir foar myn eigen takomst soargje. *(stimmen yn de gong. Even letter komme Patrick en Lisette op. Lisette is moadieus yn de klean en hat in bosk blommen by har dat yn papier wuolle is. It is in leuke ferskinning, in leaf aardich minske, mar it is dúdlik te sjen en te hearren dat se net folle yn te bringen hat by Patrick. Hy komt arrogant oer en sit goed yn de klean)*

BERDINA: *(pakt har tas)* No, dan gean ik mar wer. Dyn soan en skoandochter sille wol in skoftsje hingjen bliuwe. *(tsjin Patrick en Lisette, sabeare aardich)* Dach leave bern. Wat leuk dat jim wer es even by mem op besite binne. *(skerp)* Och ja, it falt ek net ta, no? In moanne is om foar datst it troch hast en dan ha je noch al dy spanningen fan it wurk. *(dan mei skrille laits tsjin Patrick)* En der falt foarearst ek noch neat te heljen by jim mem, watte? *(se knypt Patrick freonskiplik yn de wang)* Dach jonge. *(ôf nei de hal. Even letter sjogge we dat se yn de hal stiet te harkjen nei it petear dat folget. At ien fan de oanwêzigen dy kant opsjocht, is se even hielendal fuort)*

LISETTE: Wêr hie sy it no oer mem?

HELENE: O, neat bysûnders.

PATRICK: Neat?! Ik fûn it oars frjemd dat se sei dat der foarearst neat te heljen is foar my.

LISETTE: Ja, ik fyn it ek in frjemd mins. Se dweept mei har tsjoenderij, salfkes en wûnderdrankjes. Se tinkt seker dat se Jomanda is? *(sjocht it potsje en fleske op tafel stean)* O nee hin! Mem! Hat se jo no wer fan dy rotsoai oansmard? Dat moatte jo net dwaan.

HELENE: Och, se is wat oars as oaren, mar foar it oare is it in bêst mins, Lisette.

PATRICK: *(sjocht de sjerryflesse stean)* Ja, en se docht ek oars as oaren. Is al betiid oan de drank ek, sjoch ik. Seker op jo kosten? Se docht krekt as hat se it hjir foar 't sizzen. Hoefolle hat dizze rotsoai no wer koste?

HELENE: Eh... No, falt ta hear. In pear tientsjes.

PATRICK: En wat der bykomt! Meitsje dat de kat mar wiis. Mar dêr kom ik uteraard net foar. Ik wol witte wêrom't ik hjir sa hastich komme moast.

LISETTE: Wachtsje even Patrick. *(leaf tsjin Helene)* Sjoch es wat ik foar jo meinommen ha. *(se jout Helene de noch ynpakte blommen)*

PATRICK: *(ûngeduldich)* Dat is totaal net ynteressant! Dat kin aansen ek wol!

HELENE: *(ferrast)* No, Lisette doch. Wat in leuke ferrassing fan dy.

(*dan synysk tsjin Patrick*) Dit is leau 'k de earste kear dat ik wat fan jim krij.

LISETTE: Eh... ja, dat is ek sa. Mar Patrick fynt it weismiten jild at ik blommen foar jo keapje. Allegear ûnsin, seit er.

PATRICK: (*tsjin Lisette, haatlik*) Moatst dat wer sa noadich tsjin ús mem sizze?

HELENE: (*teloarsteld*) Earlik sein hie ik dat wol fan him ferwachte. (*se hellet de blommen út it papier, it is in suterich boskje dat syn bêste tiid hân hat, guon fan de stâlen binne knakt. Helene sjocht fan de blommen nei Lisette*) Wêr hast dy kocht?

LISETTE: Ik ha se net kocht, mem. Ik ha se fan in freondinne krigen. En dy sei dat se de blommen by de spesjaalsaak yn it doarp kocht hie. (*nyf grutsk*) No, stean se der net prachtich by?

HELENE: Der prachtich by stean?! Do bedoelst dat se der prachtich by hingje! Eksklusyf neame se dat! Dy moatst daliks werombringe, Lisette.

LISETTE: Eh... dat kin spitigernôch net mear, mem.

HELENE: Wêrom net?

LISETTE: Omdat se al fjirtjin dagen by ús yn 'e hûs stien ha.

HELENE: (*breinroer*) Dy hasto al fjirtjin dagen yn 'e hûs stean en dan mei ik se ha?

LISETTE: No ja, wy sille dit wykein fuort en doe sei Patrick dat ik se wol oan jo jaan koe, omdat wy der sels net foar betelle ha.

HELENE: (*tsjin Patrick*) Soa, dus do tochtst, dat ôftanke boskje blommen is noch goed genôch foar ús mem. Do wurdst betanke, Patrick! Ik bin der hartstikke bliid mei. (*se smyt de blommen op tafel*)

LISETTE: O, foarsichtich mem. Oars bliuwt der neat fan oer.

HELENE: (*skoddet de holle fan ûnleauwe*) En no wolsto seker ek noch dat ik se yn de faas set?

LISETTE: Dat is wol in goed plan, mem. Ik doch it aansjen wol even foar jo. (*se leit de blommen op it dressoir*)

HELENE: (*lit har mei in sucht op de bank falle*) En se mient it ek noch allegear.

PATRICK: (*wer ûngeduldich*) Sis no earst mar es wêrom at ik hjir sa hastich komme moast. (*at Helene foar har út stoarret*) Is it soms de bedoeling dan ik jo jildsaken regelje at je fuort binne?

LISETTE: O, mar dat wol ik ek wol dwaan, hear.

PATRICK: (*spottend*) Sy wol it ek wol dwaan! Sy wol de jildsaken foar ús mem regelje! Hoe hellest it dy yn de plasse!

LISETTE: No, ik doch it thús doch ek, Patrick.

PATRICK: Ja, mei it húshâldjild en sels dat slagget dy net. At der ien

is dy't in gat yn de hân hat, bisto it wol. (*tsjin Helene*) No, kom op mem. Ik ha noch mear te dwaan. Dus wol even opsjitte.

LISETTE: (*leaf*) Gean do oars mar, Patrick. Dan sis ik letter wol wat mem fan ús woe.

PATRICK: O nee! At ik it oan dy oerlit, dan komt der neat fan terjochte. Kom op mem.

HELENE: (*sjocht fan de iene nei de oare*) Ik tink net dat dit it goede momint is om der oer te praten.

PATRICK: Wêrom net? Ik wol allinne net dat jo it mei Lisette allinne beprate. Dus, kom mar op mei jo ferhaal.

HELENE: Goed dan. Ik woe jim freegje oft jim miskien op it hûs passe koene at ik nei Australië bin.

PATRICK: Nee!

LISETTE: O, mar dan wol ik dat wol dwa...

PATRICK: (*falt gau yn*) Dat dochsto dus perfoarst net! (*tsjin Helene*) Dat ha ik absolút net oan tiid mem, en oan Lisette kinst soks net tabetrouwe.

LISETTE: (*laket*) Mar sa dreech is dat doch net, Patrick?

PATRICK: (*synysk*) Foar de measte minsken net nee. (*tsjin Helene*) Spitich foar jo, mar jo sille in oaren sykje moatte. (*Berdina stiet te jûchheien yn de hal*)

HELENE: Seker spitich. Ik hie graach wollen dat it hûs bewenne liket at ik fuort bin.

PATRICK: Wie dat alles wat jo te sizzen ha?

HELENE: Ja, eins wol. (*Berdina ferdwynt gau út de hal*)

PATRICK: Moai, dan gean wy wer. (*wer synysk tsjin Lisette*) Dan kinsto wer nei dy tennisklup fan dy. Dat is it ienige datst in bytsje reedlik kinst. (*rint nei de hal*) In baltsje slaan!

LISETTE: (*in bytsje skokt, mar se glimket doch*) No Patrick doch. Ik kin wier wol wat mear hear. Witst wat? Ik bliuw noch even gesellich by jim mem.

PATRICK: O nee! En dan seker wat oer my rinne te kleien. Wy gean no!

LISETTE: Ja goed, Patrick. Mar earst de blommen noch even yn 't wetter sette foar jim mem. (*fluch mei de blommen nei de keuken*)

HELENE: (*ropt Patrick werom*) Ik wol noch even mei dy prate, Patrick.

PATRICK: Fluch dan.

HELENE: Giet it wol goed tusken dy en Lisette?

PATRICK: O, prima hear.

HELENE: Ik meitsje my soargen. Ik fiel gewoan dat der wat is.

PATRICK: (*spottend*) Goh. Jo fiele wat. Moatte jo net nei dy freondinne fan jo? Berdina lost ommers alle problemen foar jo op.

HELENE: Doch net sa raar. No, hoe giet it mei jim? (*Patrick hellet de skouders op*) Krekt. Dat tocht ik al. En silst dêr wat oan dwaan? (*de keukensdoar giet op in kier*)

PATRICK: We sjogge wol.

HELENE: Dat is gjin antwurd. Do moatst net sjen mar dwaan. At ik fuort bin, wol ik my gjin soargen om jim meitsje moatte. Do meist bêst wat aardiger foar har wêze. Se docht har bêst foar dy. (*Patrick hellet wer de skouders op*) Wolst my asjebleaf tasizze datst der wat oan dochst, Patrick?

PATRICK: Ja mem, ik beloof neat dêr't ik no al fan wit dat it doch net slagget. No, at dat echt alles is dan bin ik no fuort. De groetnis! (*Berdina gluorket troch it rût wylst Patrick troch de hal ôfgiet*)

HELENE: (*giet sitten*) Bah! Myn hiele dei is bedoarn. En ik begryp Lisette ek net. Se lit har hielendal ynpakke troch dy jonge. (*even is it stil, dan fel*) It is doch te gek foar wurden, dat ik troch him myn reis ferpeste lit. Ik belje Berdina. Miskien wit dy in oplossing. (*se pakt de telefoan en bellet, even letter sjogge we dat Berdina har mobyl pakt en harket. Se jout sûnder dat wy it hearre antwurd op dat wat Helene seit en freget*) Hallo, Berdina, mei Helene Mulder... O, tochtsto al, dat ik gjin leuk nijs hie... No, dan hast dizze kear wol hiel goed yn de kristallen bol sjoen... Nee, Patrick wol net op it hûs passe... Ja, Lisette wol, mar dy hat neat yn te bringen... Ik kin dêr sa fertrietlik fan wurde, dat hy noait wat foar my of Lisette oer hat... Ferdoarje, Berdina! Besykje no net daliks wer misbrûk fan my te meitsjen, troch my wer in middelstje oan te smarren tsjin fertriet... Ik ha leaver datst hjir komst om der oer te praten... Do komst no daliks?... Fijn, oant aansen. (*leit de telefoan del, Berdina rint by it rût wei en komt even letter hastich troch de hal op mei de tas yn de iene en de mobyl yn de oare hân*)

BERDINA: Dêr bin ik!

HELENE: (*ferheard*) Wêr komsto sa hurd wei?


BERDINA: Wat!? Eh... Lit ik hjir no krekt yn de buert wêze doe'tsto bellest. (*sjocht nei de trystich foar har útsjende Helene*) Wat is der mei dy, leave skat? De haadpriis wer misrûn? (*no sjogge we Patrick dy't om de hoeke fan de hal stiet te sjen*)

HELENE: Nee. Myn soan hat it, sa't er seit, fierste drok mei oare dingen. En no woe ik dy freegje, oftsto miskien op it hûs passe wolst.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto